

In freugderop, in blide stim

1

In freugderop, in blide stim
wjerklinkt yn hiel Jeruzalim.
De nacht wykt foar it moarntiidsrea,
Gods Soan is opstien út 'e dea!

2

Gjin macht dy't Him noch hâlde koe,
doe't Hy it grêf ferlitte woe.
Feriisd op eigen krêft, is Hy
God sels, de dea foargoed foarby.

3

Us deadseangst is teneate gien,
want alles, alles is foldien.
Wa't inkeld op de Hear fertrout
is foar gjin dea of hel benaud.

4

Want mei't de Hear de dea oerwûn,
is 't nije libben al begûn,
in libben fan gerjochtichheid,
in libben oant yn ivichheid.

tekst Eduard Gerdes – 'Daar juicht een toon, daar klinkt een stem'
oersetting David de Jong
meldij Henri Abraham César Malan